

Opdrachtk kaart 5

Ferset en befreiung – 1944-1945

A. Yn petear

Yn 1945 komt der in ein oan 'e Twadde Wrâld-oarloch. Praat mei-inoar oer frijheid. Doch dat yn groepkes. Elk groepke kriget in fraach en nei in skoftsje wikselsje de groepkes fan fraach. Op de fraach is net in goed of fout antwurd te jaan. It binne fragen om oer nei te tinken. Miskien hast net echt in miening of feroaret dyn miening yn it petear. Miskien bliuwst by dyn miening. Dat mei allegear. Lústerje goed nei elkoar en freegje troch. Fragen om troch te freegjen binne bygelyks:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei..?
- Wêrom tinkst dat? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as...?
- Jildt dat dan ek foar...? Betsjút dat...?

Praat nei ôfrin oer de petearen: Hoe gie it? Koe elk sizze wat hy of sy woe? Bist wizer wurden? Tinkst no oars? Wat wie dyn ynbring?



B. By in boarne

Yn 1944 kaam de ein fan 'e oarloch yn sicht. Om Nederlân flugger te befrijen, waard it ferset ynskeakele. Alliearde fleantugen dropten nachts yn it geheim konteners mei wapens. Minsken fan it ferset hellen de konteners út it lân en ferstoppen de wapens foar de Dútsers. Dat wie in gefaarlike put! It opheljen fan de konteners moast fansels yn it djipste geheim en de wapens moasten goed ferstoppe wurde. As de Dútsers de wapens fûnen, dan stie dêr de deastraf op.

Besjoch de filmkes oer Piet Veeninga. De filmkes binne te finen op oarlochyneklasse.frl. Hy hat de wapendroppings meimakke op it lân fan 'e buorkerij dêr't hy wenne. Hy wie doe ûngefear 20 jier. Hy hat syn ferhaal in soad op skoallen ferteld. Yn 2018 is Piet Veeninga stoarn. Syn ferhaal is noch op ferskate plakken op it ynternet te finen.

Besjoch de list mei plakken dêr't de wapendroppings útfierd waarden. Wat falt jim op? Sykje de plakken op op de kaart fan Fryslân. Watfoar plak leit it tichtst by dyn wenplak? Is der yn dat plak noch wat werom te finen fan de wapendroppings? Binne der ferhalen oer de wapendroppings?



C. Yn 'e omjouwing

Begjin april 1945 waard dúdlik dat de befrijing fan Fryslân tichtby wie. Op 8 april kaam it boadskip fia Radio Oranje: 'De fles is leeg'. Dat wie it teken dat de befrijers deroan kamen. It ferset begûn oan sabotaazje-aksjes om it de Dútsers sa dreech mooglik te meitsjen om de striid mei de alliearden noch oan te gean. Der waarden brêgen en spoarlinen fernield en wetters en wegen blokkearre. Troch de help fan it Fryske ferset duorre de striid net lang. Op 18 april 1945 wie it fêstelân fan Fryslân befrijd. De Waadeilannen moasten langer wachtsje op de befrijing: Skylge oant 29 maaie, Flylân oant 31 maaie, It Amelân oant 3 juny en Skiermûntseach moast sels wachtsje oant 11 juny foardat de lêste Dútske militêren it eilân ferlieten.

Om de befrijing en de perioade dêrfoar te betinken, waard yn 2025 ûnder oaren it projekt 'Brêge nei Frijheid' holden. Ynwenners fan Fryslân waarden útnûge om in brêge yn harren wenplak sintraal te stellen by it betinken en fieren.



Undersykje:

- Binne der yn de tiid foar de befrijing by jim yn 'e buert ek brêgen fernield?
 - Hawwe jim ek wat sjoen fan it projekt 'Brêge nei Frijheid'?
 - Wannear is dyn wenplak befrijd? En troch wa?
 - Binne der bylden fan de befrijing fan jim omjouwing?
- Tip: Sykje op YouTube yn 'e playlist fan it Fries Film & Audio Archief 'Tweede Wereld oorlog Friesland – Bevrijding'
- By befrijing heart ek betinking. Wêr by jim yn 'e buert is in betinking?

D. En no?

Nei jierren fan oarloch wie Fryslân wer frij. De measte minsken wiene bliid, mar der wiene ek minsken dy't fertriet hiene. Der wiene ommers in hiel soad minsken dy't famyljeleden, freonen of harren thús misse moasten troch de oarloch. Yn Nederlân betinke wy op 4 maaie de slachtoffers fan oarloch en op 5 maaie fiere wy de frijheid. Yn 2025 bestiet de frijheid yn Nederlân 80 jier. Mar lang net oeral op de wrâld binne minsken frij.

Bepaat mei elkoar:

- Op 4 en 5 maaie betinke en fiere wy. Wêrom dogge wy dat? Is it belangryk om dat te dwaan? Wêr tinke jim oan as jim betinke? Wêr tinke jim oan as jim fiere? Wêr binne jim op 4 en 5 maaie?
- Watfoar gebieten yn 'e wrâld wachtsje no noch op frede en frijheid? Wat fernimme minsken yn Nederlân dêrfan? Tinke jim op 4 en 5 maaie ek oan dy gebieten?

It is soms dreech om te sizzen wêr'tst oan tinkst by it betinken en fieren. In gedicht kin dêrby helpe. Skriuw in gedicht mei help fan it stappeplan dat yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op oarlochyneklasse.frl te finen is. Presintearje de gedichten oan elkoar.

